

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900



© Foto: argyf DB Folsgeare.

Tsjaerddyk, begjin 1900

In kuier oer de Tsjaerddyk begjin 1900 fan nûmer 48 ôf nei 26 oan'e súdkant en fia de noardkant wer werom.

Op de begjinfoto stiet links de wenning fan it haad fan'e skoalle en rjochts de skoalle nei de ferbouwing yn 1908.

Op'e eftergrûn in pleatske, no Easthimmerwei 1, dat boud is op'e krusing fan'e Tsjaerddyk, Suderbuursterleane, Kerkwech en de Bredeleane (Skeender) dêr't Douwe Eppinga en Tjitske van der Wal mei harren bern Marten en Trijntje yn 1904 te wenjen kaam binne.

As hja om 1910 hinne ta it rût út sjogge, ha se rom sicht op'e Tsjaerddyk. De Suderbuursterleane is noch in net ferhurde rinpaad (Easthimmerwei) dat ophâldt by it brechje oer de Folsgaaster opfeart. Harren soan Marten sil letter timmerman wurde yn it doarp.

Sjend yn'e rjochting fan'e Tsjaerddyk leit links earst de afgroeven terp 'it tsjerke pôltsje' dêr't de pastorij stie dy't yn 1701 ôfbrutsen is. (finster: De pastorij fan Folsgeare) It stikje grûn is eigendom fan'e tsjerke en wurdt ferhierd oan Yde van de Lageweg mei de bepaling dat der gjin bargaen holden wurde meie.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900



It
'tsjerkepôltsje'
om 1900 hinne

foto útjouwerij van
der Meulen bv, Snits

Yn it earste hûs oan'e linkerkant wenje Ruurd Rientses Abma en Johantje Martens Visser mei harren bern. Lucas Elzinga hat dit hûs om 1878 hinne bouwe litten. Ruurd Rientses ferkeapet manufaktueren mar hat net in winkel. Hy giet mei in rêchsek fol mei lapen stof by de doarren del.
(finster: Tsjaerddyk 48)



foto útjouwerij van
der Meulen bv
Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Hjirnêst stiet de skoalle mei de bibel, boud yn 1886. (finster: Twadde skoallegebou fan Folsgeare) Master van der Brug is yn 1904 oan skoalle kaam en makket de ferbouwing yn 1908 mei. Der komt in twadde lokaal, dat der moat ek in twadde learkrêft komme. Dit wurdt juffer Elisabeth van der Molen.



De skoalle nei de
ferbouwing yn 1908

foto argyf db Folsgeare

foto argyf db
Folsgeare



Links master van der Brug en rjochts juffrouw van der Molen mei de skoalbern foar it hôf fan'e pastorijspleat

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Nêst de skoalle in pleatske, boud om 1836 hinne, dêr't Wietse de Boer in timmersaak hat tegearre mei Gerrit Willems Twijnstra. In soad timmerwerk docht Gerrit Willems net mear op 74 jierrige leeftyd, dat docht baas Wietse de Boer.

Efter de pleats stiet in rychje fan fjouwer huzen, 't Streekje ' neamd. Hjir wenje Simon van der Zee, Pier de Jong, Yde Roukema en Ids Watses.

Mei elkoar ha de bewenners ien reinwetterbak en twa húskes boppe de sleat.

(finster: Tsjaerddyk 44 en 't Streekje)



foto útjouwerij van
der Meulen bv Snits

Nêst dit pleatske de Folsgeasteropfeart dy't yn dy tiid in stik breder en djipper is as tsjintwurdich. Hjir komt û.o. by't hjerst turfskipper Fonger Wiersma út Easthim om turf te bringen foar de doarpsbewenners. Nêst de opfeart de Mieddyk of Abbegeasterleane dy't mei in brechje ferbûn is mei de Tsjaerddyk. (finster: Mieddyk)

Yn 1891 is it brechje sa min dat der in gearkomste by elkoar roppen wurdt om te bepraten oft it brechje makke of ferfongen wurde moat troch in daam. Dizze binnendyk (Mieddyk) is nei alle betinken ein 12e iuw oanlein om it lege part fan it Marlân hinne.

Dan komt it hûs fan Freerk Willems Twijnstra, widner fan Fimmigje Ulbes de Boer, beide út Abbegea, mei dêr efter de wat legere kûperij. De earste stien fan it hjoeddeistige pân is lein troch de dan 8 jierrige Gerrit Willems Twijnstra op 26 febrewaris 1910.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Freerk Twijnstra is nêst kûper ek ymker. De bijen steane efter de kûperij tsjin'e opfeart oan. Bytiden krije de skoalbern in stikje raat dêr't noch wat hunch oan sit. (finster: Tsjaerddyk 42)



foto
útjouwerij
van der
Meulen bv
Snits

Nêst de kûperij stiet de smidderij. Dit pân is boud yn 1870 troch Pieter Willems Twijnstra. Hein Heinsius en Durkje Boersma kommen der nei harren trouwen yn 1879 te wenjen. Op it úthingboerd fan'e smidderij stiet : Gediplomeerd hoefsmid (finster: De smidderij fan Folsgeare, Tsjaerddyk 40)



foto útjouwerij van
der Meulen bv
Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Nei de smidderij komt de winkel van Oebele Woudstra en Antje Frankena. Dêrneist besoarget Oebele ek feefoer oan'e boeren yn de omjouwing. Jelle Hoekstra hat it pân om 1824 hinne bouwe litten en hat der útsein de winkel ek in herberch by yn. Dit konsept hâldt de famylje Woudstra ek oan. Se ferhiere in keamer oan'e ûnderwizer en Oebele skinkt in slokje foar de doarpsbewenners yn de efterkeamer dy't de "Bline ezel" neamd wurdt. Foar it ferfier hat Oebele de beskikking oer in boat dêr't hy mei syn guod út Snits hellet. Dêrnei sutelet hy dit guod út mei in koer of een platte kroade. Antje docht de winkel en is tagelyk it nysblêd fan it doarp. (finster: Tsjaerddyk 38)



foto argyf db Folsgeare

Nêst de winkel stiet in lyts hûske dat eigendom is fan'e tsjerke. Hjir wenje lytse Dirk Kamstra, boerearbeider, en syn frou Antje Visser.

Rjochts it tsjerkehûs
(mei de blinen)



foto argyf db Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

It hûske is boud om 1859 hinne mei it jild dat de tsjerke krige foar de terpierde fan it 'Tsjerkepôltsje'. It is yn'e rin fan'e jierren in bytsje efteroer sakke sadat je, wannear't je op'e stoel by de tafel sitte, dizze dwers del sette moatte om net efteroar te fallen. Wybren Sweering hat der letter in garaazje fan makke.
(finster: Tsjaerddyk, tsjerkehûs súd)

Anne Cnossen en Antje de Jong wenje dêrnei. Hja ha ek in winkel. Op'e sydkant fan it pân steane twa reklame boerden dy't 'van Nelle' kofje en tee oanrikkemedearje. Anne wurket mei in boekje dêr't de bestellingen yn op skreaun wurde. Hy hellet dy moandeis op en giet tiisdeis en freedseis mei de hûnekarre nei Snits om bestellingen op te heljen. Mei de lytse karre wurde dêrnei de bestellingen rûn brocht.

(finster: De winkel op Tsjaerddyk 36)



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Dan komt der in pân dat út twa parten, "persiel nûmer 547 en 693", bestiet. In wenhûs mei dêrnjonken in wurkpleats. Hjir wenje Jaring Zoethout en Nantje van Hasinga. De wurkpleats is ek yn gebrûk as fervewinkel. It pân is eigendom fan Hessel Rintjes Boschma oant 1912 wêrnei't it yn'e ferkeap komt. Jaring Zoethout keapet it en lit dan it hjoeddeiske pân delsette. De roaline komt gelyk mei de oare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

hûzen oan'e Tsjaerddyk. Op it rût fan it nije pân stiet boppe de deur: J. Zoethout Schilder.

Jaring syn frou Nantje ferkeapet net allinne ferve mar ek kofje en tee.

De fervewurkpleats ferhuzet dan nei de timmersaak fan Gerrit Willems Twijnstra op Tsjaerddyk 44. Hjir is in tredde part fan'e romte ynrjochte as wurkpleats foar Jaring Zoethout. Yn dizze romte wurde de skilderwurksemheden dien dy't net oan hûs dien wurde kinne. By in ferbouwing kinne je noch altiten de sinjatuer fan Jaring Zoethout tsjinkomme dy't syn namme en jiertal efterliet nei in grutte skilderput. (finster: Tsjaerddyk 34)



foto útjouwerij
van der Meulen
bv Snits

Nêst Jaring Zoethout stiet een rinteniershûs. Hjir wenje âld boer Rienk Frankena en Antje Willems Jorritsma. Rienk Frankena rint alle dagen mei syn hûntsje Piet in slach troch de buorren. (finster: Tsjaerddyk 32)

Dêrnei komme je by de bakkerij. Pieter Thomas Beeksma, bakkersfeint yn Boalsert, trout op 27 april 1901 mei Baukje Hofstra út Nijlân. Yn Folsgeare stiet dan in eardere komelkerij te hier dêr't in bakkerij yn fêstige is. Pieter Beeksma beslút om selsstannich bakker te wurden en it jonge pear hiert it pân foar fl 175,- jiers fan Hessel Rintjes Boschma. Yn 1912 komme dit pân en de komelkerij dêrneist te keap dy't ek eigendom binne fan Hessel Rintjes Boschma.

(finster: De bakkerij oan'e Tsjaerddyk)

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900



1936.

Bakkerij mei it
winkelrút rjochts
fan'e foardoar.

foto útjouwerij van der
Meulen bv Snits

Hjerneist is de komelkerij dêr't Yde van de Lageweg en Elisabeth van der Goot wenje. It is in lytse komelkerij.

Dêrnjonken wenje Feike Sjerks Twijnstra en Beeuwkjen Zijlstra. Hy is feekeapman fan berop mar is tagelyk ek kowedokter, komelker en slachter yn'e wintertiid by de boeren thús. De groeppe fan de komelkerij rint ôf nei de dyk en mei in buis ûnder de dyk troch komt alles yn'e sleat oan'e oare kant fan'e Tsjaerddyk terjochte. Dizze sleat wurdt yn it doarp de skytsleat neamd. (finster: Tsjaerddyk 28 en 26b)

It lêste hûs oan dizze kant fan'e Tsjaerddyk is it boerebedriuw fan Feike Damstra en Sytske Heinsius. De smid Hein Heinsius hat it begjin 1900 bouwe litten foar syn skoansoan en dochter. (finster: Tsjaerddyk 26)



foto útjouwerij van der
Meulen bv Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900



De skoorre dy't nêst it wenhûs fan Feike Damstra stiet.

foto útjouwerij van der Meulen bv
Snits

Weromgeand oan'ê oare kant fan'ê Tsjaerddyk is der earst in stik sûnder bebouwing. It earste huis mei de blinen foar de ruten is it twadde hûs fan'ê tsjerke, dêr't Ids Schaap en Geertje Bergsma wenje.
(finster: Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard)

Rjochts it tsjerkehûs

foto útjouwerij van der Meulen
bv Snits



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Piteroaljewein tusken de winkel en it tsjerkehûs yn.



foto argyf db
Folsgeare

Elisabeth van de Lageweg - van der Goot mei har soantsje Gerben op'e earm (berne yn 1907) stiet achter de bern. De famkes rjochts fan'e wein binne: Djoeke Postma, Gepke Clossen, Maaïke Sweering, Wietske Boschma en Aaltje Postma.

Nêst Ids Schaap wennet âld boer Jacob Botinga. It is in lyts hûske en der steane twa linebeammen foar.

(finster: It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard)



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Tsjin'e smidderij oer stiet in pân, dêr't seis húshâldingen yn wenje. Dit hûs wurdt ek wol de Tempel neamd. Om 1900 hinne wenje hjir de neikommende persoanen. Hendrik Sweering en Trijntje Breeuwsma: Hendrik ferstjert op 29 oktober 1911, 56 jier. Syn frou Trijntje is by har ferstjerren de lêste bewenster fan'e Tempel.

Hendrik Rients Abma en syn mem Geertje Huites Pybenga: Geertje is widdofrou fan Rients Abma. Hendrik is yn 1897 troud yn Paramaribo, Suriname, mei Roosje Leefmans. Roosje stiet offisjeel ynskreaun op dit adres yn Folsgeare mar is net te finen binne it keninkryk neffens de skiedingsakte. Yn 1914 wurdt de skieding definityf útsprutsen.

Freerk Rients Abma, broer fan Hendrik, is kleanmaker en troud mei Antje Swartz.

Sytse Ferdinands Bijzet en Minke Plantinga: Sytse komt fan Terband en Minke út Abbegea. Beide wiene earder troud en krije tegearre noch fjouwer bern.

Hendrik Durks Canrinus en Lijsbeth Bijlsma út Easthim.

(finster: De Tempel fan Folsgeare)

Nêst de Tempel stiet in lyts hûske, boud yn 1871, dêr't Foppe Freerks Abma wennet. Foppe is frijfeint en ferstjert yn 1912 op 58 jierrige leeftyd nei in koart skoft fan sikwêzen. (finster: Tsjaerddyk 47)

De smelle Tsjaerddyk mei rjochts it hûs dêr't Foppe Abma wenne.

foto argyf db
Folsgeare



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900


Nêst dit lytse hûske stiet de pastorijpleats dêr't 'Grutte Willem' wennet, sa't hy yn it doarp neamd wurdt. Willem Jans Twijnstra en Tjitske Damstra komme yn maaie 1900 op'e pastorijpleats. Harren âldste soan Jan Willems wurdt yn 1899 berne yn Nijlân dêr't Willem Jans dan keapman is. Jan Twijnstra bliuwt yn it doarp te wenjen. earst op Tsjaerddyk 26, letter op Easthimmerwei 6.
(finster: Pastorijpleats)

De jister efter de
pastorijpleats

foto argyf db Folsgeare



Njonken de pastorijpleats stiet de eardere skoalle. It gebou is no (om 1900 hinne) it hûs fan it haad fan'e skoalle, master Wybe van der Brug út Wâldsein. Hy trout yn 1904 mei Antje Schilstra en komt dêrnei yn Folsgeare oan skoalle. Yn 1908 komt juffer van der Molen út Snits as twadde learkrêft. (finster: Earste skoalle fan Folsgeare)



Hûs fan'e
skoalmaster
begjin 1900

foto argyf db
Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

Efter it hûs fan it skoallehaad stiet de Laurentius tsjerke, op'e nij boud yn 1875 mei in toer út 1532. De tsjerke is in ryksmonumint. It is in ienbeukige bakstiennen tsjerke mei rûnbôchfinsters en bakstiennen pilasters dêrtusken. It ynterieur is ienfâldich plastere mei in haadplafond. Yn'e tsjerke steane in 17e-iuwske preekstoel mei in eftersket en klankboerd, in 19e-iuwsk doophek en in oksaal balustrade. (finster: De tsjerke fan Folsgeare, 1864 tot heden)

It oargel mei ien klavier is yn 1908 makke troch de firma Bakker en Timmenga út Ljouwert foar de Griffimearde tsjerke yn Marrum. Yn 1924 kriget it oargel in nij Trompet 8 foets register en it is yn 1964 oerpleatst nei de Herfoarme tsjerke fan Folsgeare.

De toer is boud as ferdigeningstoer mei sjitgatten om 1523 hinne. De klok is fan 1535, getten troch Geert van Wou en Johan ter Steghe. (finster: De klok fan'e toer fan Folsgeare) It earste oerwurk is pleatst yn 1755 en al mear as ien kear ferfongen. (finster: It toer oerwurk fan Folsgeare)

De tsjerke en de toer mei klimmer.

Tusken it tsjerkhôf en de Tsjaerddyk de bleek fan it hûs fan de master.



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: útjouwerij van der Meulen b.v. Snits, argyf db Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk begjin 1900

*nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze,
graach de redaksje ynformearje.*